

Bêste minsken,

Ik mei my hast wol foarstelle want wat is der in hiel skoft foarby gien sûnt ús lêste moeting. In spannende en ûnwisse tiid . En noch altyd is it koroana barren noch net foarby. Dochs it krite - bestjoer wol graach wer begjinne mei ús Fryske jûnen en middeis. Ik wit net hoe't jim fergien is, mar ik haw it wol mist, ús meetings. Wy hiene it programma foar it foarich seizoen al regele, dus dat wie moai. Us hjoeddeistich bestjoer bestie út twa manlju en ien frou. Gelokkich is der in froulik bestjoerslid by kaam ! Meiny van Huizen - Vis. Sy is kritelid en wennet yn Dalen. Wy binne der och sa bliid mei, dat wy der help by krigen ha. Dat der ien is dy 't mei tinke wol dat docht ús goed. Men kin wol tinke dat it net folle foarstelt mar meitinke en ideeën op tafel lizze is dochs ek hiel wichtich !

Spitich is dit it lêste kritekrantsje dat fersoarge wurdt troch Henk Kloosterman. Spitigernôch stoppet hy. Foar it bestjoer tige slim mar foar himsels in ferstannich beslút. Hooplik kinne wy immen fine dy't oernimme kin en wol. It soe dochs hiel spitich wêze as de krite gjin eigen krantsje mear hat. It is in soad wurk mar ek wol moai en tankber wurk om te dwaan. Henk hat it altyd sa moai fersoarge, dêr binne wy him tige tankber foar. As der ien is dy't ús hjirmei helpe kin en wol nim kontakt op. Henk kin wol útlizze hoe 't ien en oar yn syn wurk giet by it meitsjen fan it krantsje..

Us earste kritermiddei is op tongersdei 30 septimber. Dat is dan ús jier gearkomste. Mear hjiroer fierder yn dit krantsje. Us nijjiersbesite sil yn 2022 net yn in buffet-foarm wêze mar oan tafel servearre wurde om de 1,5 meter te garandearjen.

Ta beslút wol ik jimme allegear, hooplik yn sûnens, noch in moaie tiid tawinskje. Oant sjen op 30 septimber !

Groetnis, Greta Vos, foarsitter.

Utnoeging foar de Algemiene Ledefergadering op tongersdei 30 septimber 2021 om 14.00 oere by Wielens yn Noord - Sleen

1. Iepenjen en meidielings
2. Ferlach fan de fergadering fan 16 maaie 2019
3. Jierferslach 2019 – 2021
4. Ferlach rekkenopnimmers
5. Beneame nije rekkenopnimmer
6. Jierferslach ponghâlder
7. Beneame fan Meiny van Huizen – Vis as bestjoerslid.
8. Programma foar it kommende winterskoft 2021-2022
9. Takomst fan de krite; ús besteansrjocht
10. Omfreegjen
11. Sluten

Nei de ledefergadering is der in lytse pauze. En dernei komt Syb van der Ploeg oan bar. Sjoch yn dit krantsje side 7

De yntree foar dize krite middei is € 5,= de persoan.

Nei ôfrin fan it ferhaal fan Syb van der Ploeg kinne jo, as jo dat wolle, ite by Wielens. Wol foar eigen rekken fansels. Mar it iten is der goed en net te djoer. En it is gesellich, dochs? It mei wer !

Ferlach fan de Algemiene Ledefergadering fan de Fryske krite Súdeast-Drinte op tongersdei 16 maaie 2019 by Wielens yn Noord-Sleen.

1. Iepenjen en mooglike meidielings.

Greta Vos iepenet de gearkomste mei in wurd fan wolkom oan 30 leden, ynklusyf it bestjoer. Foarrich jier 27, dat wat dat oanbelanget gean wy der op foarút. Ofberjocht is der fan de famylje Weijer en de froulju Hollema en Rispens. De famylje Biesma komt wat letter.

Sjouke van der Veen hat him oanmeld foar in bestjoersfunksje en dêr binne wy tige bliid mei.

2.Ferslach fan de fergadering fan 20 april 2018.

Mefrou Middelveen fynt it spitich dat harren skuonmakker al wer ophâldt mei advertearjen. Sy freget har ôf at der mear leden besykje in advertearder te finen. Komt gjin respons. Fierder binne der gjin fragen, op- of oanmerkings.

3.Jierferslach 2018-2019.

Twa kear dit winterskoft waard de oankundige artyst siik, op 21 septimber Griet Wiersma en op 23 novimber frou Gildemacher, mar beide kearen koe dat nei alle tefredenheid oplost wurde. Mei sa'n fjirtich leden op de middeis is it bestjoer wol tefreden. Tige wiis binne wy as krite mei ús al hast fêste frijwilligers: de Groenhofs, Henk Kloosterman, Roelie Tuiten, Sjouke van der Veen en Johan Vos. Applaus en in blomke ha sy dik fertsjinne; en dy binne der ek foar de famylje Wielens foar de noflikke gearwurking.

4.Ferslach fan de rekkenopnimbers,

De froulju T. Biesma (2^e kear) en T. Mölder (1^e kear). Sy sizze alle war dien te hawwen in flater(ke) te finen, mar dêr net yn slagge. Ponghâlder Harm Klijsma wurdt ûntlêstige. Applaus ! Nije rekkenopnimmer wurdt Metsje Groenhof.

5.Jierferslach fan de ponghâlder.

It jierferslach wurdt omdield. De ponghâlder seit dat der no eins foar de earste kear in echt tekoart (€ 1200,-) is, mar dat wie foarsjoen: it tige slagge en foar ús leden dy't mei west ha goedkeape reiske nei Fryslân fanwegen it 25-jierrich bestean fan de krite. Troch it tebekrinnen fan it tal leden wurde de ynkkomsten fan kontribúsjes en yntreejilden wat minder; mar wat de finânsjes oanbelanget kinne wy as krite noch wol trochgean. *Mefrou Middelveen*: "Is Businesspost net goedkeaper?" *Harm*: "Wy sille it útsykje". Harm kriget applaus.

6.Bestjoerssaken.

Ponghâlder Harm Klijsma is ôfgeand, mar wer yn te hieren en dêr binne wy bliid mei.

Earste skriuwer Anne Tuiten moat der fanwegen mindere sûnens nei sa'n 23 jier yn it bestjoer mei ophâlde. Earst wie hy fan 1996 ôf út need ponghâlder as opfolger fan de hommels ferstoarne ponghâlder Jacques van der Woude en nei't Harm dy funksje op him nommen hie fan april 2011 ôf 1^e skriuwer.

7.Hoe fierder mei de krite?

De oprop foar nije bestjoersleden hat ien persoan oplevere: Sjouke van der Veen. Onne Biesma jout oan dat hy eins ek wol stoppe wol, mar dat is noch net definityf.

Hans Groenhof: mei 5 bestjoersleden, 118 leden en op de kritermiddeis noch altyd sa'n dikke 30 minsken yn de seal moat men der eins net mei ophâlde. In tal oanwêzigen is dat mei him iens. De fergadering beslút dêrnei om troch te gean mei de krite.

Metsje Groenhof: Wy kinne ek folstean mei wat minder aktiviteiten yn it winterskoft. Ek wol sy wat mear iterij as priis by de ferlotting en dikkere prizen.

8.Wat fierder op it aljemint komt.

Harm Klijsma: De krite-aktiviteiten op 'e middei is in goede saak.

Tjitske Middelveen hie, ek út namme fan har man, middels in kaartsje, de Fryslân-reizgers op 26 april in moaie dei tawinske. Noch tige tank dêrfoar.

Metsje Groenhof: In goede saak dat wy hjir nei it kritebarren gesellich mei elkoar ite kinne.

Hjirnei sprekt de ponghâlder de no âldskriuwer koart ta.

9.Sluten.

Greta slút de gearkomste en winsket elkenien noch in noflik oerke by de film 'De Fûke' en letter wol thús en oant sjen.

No, dat wie it dan.

winskje de krite noch in moaie tiid ta mei nijsgjirrige middeis.

Anne Tuiten

Jierferslach skriuwer

Dit is eins gjin jierferslach want it giet oer twa en in heal jier. Dat komt troch koroana fansels, alles lei stil. As bestjoer binne wy wol in pear kear by elkoar west en wy hienen ek al wer plannen makke, mar it koe net trochgean en it is noch altyd in raar spul . Mar der komme fest bettere tiden !

Op 16 maaie 2019 wie de lêste ledefergadering. In ferslach derfan, noch makke troch Anne Tuiten, stie yn it krantsje fan septimber 2019 (en is ek te lêzen yn dit krantsje). Oan it ein fan syn ferslach sei Anne: "No, dat wie it dan". Doe wisten wy noch hielendal neat fan koroana !

Yn dy ledefergadering bin ik beneamd as nij bestjoerslid.

Mar eins ek net. Moatte wy it op de ledefergadering mar efkes oer ha. Jimme kinne dus noch fan my ôf. Betsjut wol it ein fan de krite tink ik. Anne hie der al tige foar warskôge. Mar oer it bestjoer sprutsen: wy sitte wol op it absolute minimum.

Nei dy bysûndere jierfergadering, wer as it bestjoer it eins ha woe oer it opheffen fan de krite, wie der de middei mei Bennie Huisman. Dat wie op 31 oktober 2019. Bennie makke moaie muzyk en hat ús tige fermakke mei syn reisferhalen. Nei ôfrin bleaunen der wol 20 minsken te iten by Wielens. Myn frou en ik ek, foar ús de earste kear, mar it wie lekker en gesellich. Ik siet tsjinoer Fimke van der Meulen, doe ek bestjoerslid. Se is koart dernei ferstoan, op 7 desimber 2019.

It waard 2020. Op 23 jannewaris fan dat jier hienen wy it stampotbuffet. It iten wie wer pûrbêst mar der wienen net sa folle minsken dy't in stikje dienen. Dat it bestjoer hie my frege wat mear lietsjes te sjongen. En doe hie ik de batterij fan de gitaar leech. Mar it hat him der wol om rêdt mei in mikrofoan fan Wielens. As it net kin sa't it moat, dan moat ik mar sa't it kin, dochs? Wy ha ek moai song mei syn allen. Al sis ik it sels. Mar wier, jim kinne bêst sjonge.

It wie de lêste gearkomste oan 't no ta. Want yn maart wie it sa mar ynienen krisis. Jim wite der alles wol fan. Wy soenen op 21 maart 2020 it programma "*It komt wer foar 't ljocht*" ha, mar it

koe net trochgean. It krantsje fan maart wie noch net yn de bus as alles moast wer ôfsein wurde. Dat soe doe yn it neijier; dan soe it wol wer kinne tochten wy. Nee dus, sels dit foarjier koe it net. No wurdt dat dus pas 1 april 2022. Aeltje en Gea (de pakesizzers fan kabaretier Klaas Westra) moatte it wer op nij ynstudearje, want se koenen it ommers nooit mear spylje. En dan binne jo it kwyd.

Mar se ha tasein: wy komme yn 2022. Skriuw it mar fest op hjir of der, want in bûsboekje fan 2022 sille jim noch wol net ha tink ik. Mar der komt noch wol in útnoeging tsjin dy tiid.

"No, dat wie it dan", sei Anne. Ja, dat jildt hjir ek, dit wie it dan. Nei it stampopotiten yn jannewaris 2020 binne wy net wer by elkoar west. As bestjoer ek raar, jo fiele jo machteleas. Mar wy hoopje dat wy it no wat efter ús litte kinne en wy hoopje ek dat wy jim sjogge op 30 septimber by Wielens. Graach oant dan.

Sjouke van der Veen

It krite programma foar 2021 – 2022

30 septimber 2021

- 14.00 oere de algemiene gearkomste
- 15.00 oere Syb van der Ploeg fan de KFFB

Sjoch foar ynformaasje side 7 fan dit krantsje.

6 jannewaris 2022

Nijjersiten by Wielens. Gjinn buffetfoarm dizze kear mar jo wurde betsjinne oan tafel. Fansels wol wer mei mooglikheid om stikjes te dwaan of te sjongen.

1 april 2022

Gjin grap. It is op een sneontejûn en it wurdt it programma wat al op 21 maart 2020 wêze soe: *'It komt wer foar 't ljocht'*. Twa jier letter dus, mar it wurdt der net minder moai om.

Presintaasje KFFB



Direct nei de Algemiene gearkomste om **15.00 oere** sil **Syb van der Ploeg** (nee net de bekende sjonger fan 'de Kast'!) ús wat fertelle oer de KFFB. De KFFB is de iennichste Fryske boekeklup mei sa'n 1000 leden. Elk jier jouwe sy op syn minst trije boeken út. Alle boeken binne skreaun yn it Frysk. Dizze boeken binne ek te krijen yn de boekhannel. De ledepriis leit sawat 50 % ûnder de winkelferkeap priis. Dêrfoar hoege jo net yn Fryslân te wenjen, de boeken kinne ek ferstjoerd

wurde nei adressen bûten Fryslân, mar ek nei it bûtenlân. De leden krije der ek noch in boekekrante '*De Fleanende Krie*' fergees by. Ek wurde bygelyks dichtbondels útjûn.

Koroana

der is oarloch oer it lân
oeral is it front
ús azem blykt de fijân
en de wrâld leit op syn kont

net it sjitten mei gewearn
gjin kanon, gjin granaat
wit it gefaar te kearen
mar op dit oarlochspaad
wurde dokters krichshearen
en de ferpleging wurdt soldaat

yn in sike en in sucht
krijt de sike hast gjin lucht
moat de soarch skreppe

gean wy net op besyk
 net nei pake en beppe
 gjin folk mear op 'e dyk

hiele kloften, sa is t ferhaal
 dy klibje noch omraak
 mar ôfstân is it nije sosjaal !
 oars bist ferrieder fan de saak

noch foarby ús ferstân
 komt der in nije dei
 rikke wy inoar de hân
 en fuortdaliks dernei
 op dat lange lêst
 dogge wy wer gewoan
 hâlde wy ús neisten fêst
 en krûpe harren wer oan.

Cor van Dijk

(ynstjoerd troch ús lid Peter Hollenga út Dalen april 2020 !)

SS Rotterdam



It wie krekt foar de koroana - krisis, dus maart 2020. Myn frou woe graach ris oernachtsje op de SS Rotterdam wer't sa folle om te dwaan west

hat. Jo witte miskien noch wol: in wenningbou feriening hie it fan de sloop rêd en oankocht. Dat waard in politike rel want dat mocht net.

Ik fûn it earst mar neat mar omdat ik oars neat wist ha ik it har dochs mar as ferjierdeis kado jûn: twa nachten sliepe op dit skip.

As passazjiersskip wie it sûnt 1959 yn tsjinst west fan de Holland-Amerikalijn. It is in skip fan 228 meter lang, 28 meter breed en 50 meter heech wêrfan 41 boppe en 9 ûnder wetter. Der binne 13 dekken. It is moai ferbout as hotel, mar der is ek noch in hiele soad yn orizjinele steat. Dus eins ek in museum. Yn spielende rein kamen wy oan. Nei it ynchecken earst mar nei de keamer. Dy wie bêst genôch, dat hie ik net ferwachte. Ik tocht dat it wol lyts wêze soe. Allinne gjin ruten, patriispoartjes fansels. Wy ha lekker iten yn it restaurant en doe noch in kuier op de kade makke. Tsjonge, wat in grut skip.

Nei it brochje binne wy fan it skip op de wettertaksy stapt nei it sintrum fan Rotterdam. Jûns iten yn it restaurant boppe op de Euromast en mei de wettertaksy werom nei de Rotterdam. Dat is in prachtich systeem, dy taksy. Fluch en goedkeap ferfier troch de hiele stêd.

De oare deis ha wy de toer oer de boat dien. Alle dekken bylâns mei sa'n lûdapparaat dat jo hieltyd fertelt wer as jo binne en wat it eartiids wie. Sa kamen wy op it sportfjild wer't as keninginne Juliana har taspraak hâlden hat nei de doop fan it skip. En yn de feestseal en it teater. Mar ek yn de stjoerhut boppe op it trettjinde dek.

Mar ek ûnder, yn de masinekeamers ha ik my de eagen útsjoen. Wat in technyk, dy stoommasines. Hiel ymposant. En wat ik net wist: der is by de bou rekken mei hâlden dat it skip tsjinst dwaan koe yn in folgjende oarloch: der wie in ekstra stoomturbine foar dat gefal en dan koenen der torpedo's mei en 4000 soldaten. Noait brûkt dy ekstra stoomturbine. Gelokkich mar. Jo ha der ûnder yn 't skip de yndruk dat it sa wer fuort farre kin. De boel opstarte, stoom yn de tsjettels en klear. En dat is eins ek sa, mar de twa grutte skroeven binne der ôf. Ien is ferkocht en de twadde leit op de kade. Dus farre kin net mear. Mar de technyk is fjirder noch hielendal oanwêzich.

Wy ha sawat de hiele dei op ekskurzje troch it skip west en ik moat sizze: myn frou hie gelyk.

It wie hiel moai om hjir in kear te oernachtsjen, op dit bysûndere hotelskip dat eins ek in maritym museum is.

svdv

Ta oantinken

- † **Lucas van Dijk**, 24 febrewaris 2021. Dhr. van Dijk wie mei 94 jier ien fan de âldste leden fan ús krite .Hy wenne de lêste jierren yn 'Holdert'. Op de roubrief stie "Zoals een schip , heel langzaam aan de horizon verdwijnt zo hebben wij de laatste jaren stap voor stap afscheid moeten nemen, wat blijft zijn de herinneringen"
- † **Evert Remmelt Middelveen**, 7 maaie 2021. Yn de roukaart stie: "ondanks zijn optimisme heeft hij deze strijd verloren" Evert wie 86 jier.

"Do hoechst net sa sterk te wêzen
om immen fêst te hâlden,
mar do moast wol hiel sterk wêze
om immen los te litten."

Oersimmerje



Oerwinterje, dat rêd ik wol op, mar de simmer..... As de waarmannen begjinne te bearen oer simmerwaar en tropyske temperatueren, sjit ik yn 'e stress. Kjeld kinst dy tsjin klaaie, mar waarmte ? De gleone sinne is oeral en fret al myn enerzjy op. Oerdei in koele holle en in boadskip helje yn 'e supermerk, nachts it

ferstân op nul en de fentilator op trije. Sa tel ik de dagen en de wiken. Op 'e kapstôk lit ik by 't maitiid altyd in pear wanten lizze, dúdlik sichtber. As ik it even net foarinoar ha fanwege de hjitte sjoch ik nei dy wanten. "Kop op Jantsje, it wurdt fansels wer hjerst."

En op in dei skynt ynienen de sinne moarns betiid net mear yn 'e sliepkeamer.... It rûkt krûdich bûten en de kwikkebeien kleurje oranje. De kastanjes wurde dikker en op it âlde hout ferskine de earste poddestuollen. "It is safier", sis ik optein tsjin myn wanten. "Us tiid komt der oan." Fleurich helje ik it dekbêd fan 'e souder, pak myn jas en goai de kop yn 'e frisse wyn.

Jantsje Oost.



Der sille ûnder ús leden grif lêzers fan 'It Nijs' wêze. 'It Nijs' is in digitaal dei/wykblêd mei wrâldnijs yn it Frysk . Net allinne wrâldnijs mar ek mei tige nijsgjirrich nijs út de

Beneluks en út Fryslân. Alderhande ûnderwerpen en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny, sport, ferdivedaasje en waar. 'It Nijs' wurdt makke yn opdracht fan de 'Ried fan de Fryske Beweging' . 'It Nijs' wurdt al troch mear as 6100 minsken lêzen. Jo kinne elke wike de nijsgjirrichste berjochten fergees ûntfange fia e-mail mar ek de nije artikels fan de ôfrûne 24 oeren. Wa't der niget oan hat, kin him opjaan fia de webside www.itnijs.frl.

In doar ta in finster iepen

De kleuren fan de blêden
fersêftsje it skieden fan
de simmer.....

Ytsje Hettinga

Fryske boeken




Jo kinne noch altyd hiel goedkeap healsliten Fryske boeken keapje. Foar mar 1 euro ! As jo witte wolle hokker boeken der binne → Harm Klijnsma hat in list makke mei alle titels en skriuwers. Hy kin jo dan de list tastjoere of male . Jo kinne him skilje op 0591 – 62 54 03 of 06 34 17 39 43 (moby) . Of stjoer him in e-mail: harm@klynsma.nl Fansels kinne jo him ek op 30

septimber oansprekke .

De healsliten boeken lizze wy net mear op de boeketafel. Mar der lizze noch wol nije Fryske boeken. Dy binne wat djoerder mar dochs foar hiel skiplike prizen te keap. Us nije bestjoerslid Meiny wol dy wol graach oan jo ferkeapje !

Kontribúsje 2021 -2022



Dit jier stjoere wy gjin akseptgiro's mear. Dy wiene sa goed as op en wy fûnen it te djoer om nije drukke te litten. Wy freegje jim de kontribúsje sels oer te meitsjen op de bankrekken fan Fryske Krite Súdeast-Drinte yn Aalden: **NL 26 INGB 000 23 52 578**. It is noch altyd € 10,= foar ien en € 15,= foar in pear.

Jo meie fansels ek wat mear oermeitsje en in soad leden ha dat earder ek dien. Noch tige tank der foar ! Dat is fansels frijwillich mar it wurdt tige op priis stelt.

Want it ledetal daalt elk jier en de ynkomsten dus ek wylst by foarbyld de kabaretjûn frij prizich is en wy de yntree mar ek de kontribúsje eins net tefolle omheech dwaan wolle. Dus jim ekstra stipe is tige wolkom.

de ponghâlder Harm Klijsma

'I am sailing'



It is al wer in pear jier lyn dat myn frou en ik op fakânsje wienen yn Tsjechie. Der wienen wy noch nea earder west mar wy hienen op de rekreaasje beurs in folder krige fan in camping yn Kolodeje en it like ús wol wat, dat wy der hinne. De camping wie net grut en eins wienen der allinne mar Nederlanners. Hja koene lekker swimme yn de rivier der 't de camping oan lei mar fjirder wie der

neat te belibjen. Mar de omkrite wie wol hiel moai, in soad kastielen ha wy besjoen.

Mar op de camping sels gjin aktiviteiten dus útsein ien kear yn de wike, dan makke de Nederlânske eigener in barbecue foar de gasten. Hy hie moarns al frege as wy ek mei dwaan woenen. "Graach", sei ik. Hy sei: "nim dan dyn gitaar mei". Want nei ôfrin meitsje ik ek in kampfjoer en dan kinst do moai wat muzyk meitsje. Ik nim altyd in âld gitaarke mei yn de caravan en spylje der faaks wat op en dat hie er heard, sadwaande.

Nei de lekkere en dikke stikken fleis fan de doarpslakter wie it kampfjoer oanmakke. Ik krige fansels de muzikale lieding. En wat ik dan altyd doch: "drie maal drie is negen". Want eltsenien kin sjonge, dochs? Ek al sizze minsken faak earst: ik kin net sjonge. Mar dat falt meast bêst wol mei.

It waard al gau hiel gesellich. De frou dy't neist my siet op it bankje, bleddere troch myn map en frege doe as ik "I am sailing" ek sjonge woe. Fansels wol en ik sette yn. Mar twa rigels fierder begûn sy ynienen te gûlen. Ik stoppe fansels en frege wat der wie.

No moat ik noch efkes wat fertelle oer dy frou. Dy kampearder mei noch in frou, allebeide 60 plus, yn in lytse tinte by it sanitêrgebou. Dus ik kaam der elke dei wol foarby en groete dan fansels, mar fierder gjin kontakt. Ik tocht dus dat it in stel wêze soe. Mar it siet oars.

Sy en dy oare frou wienen eartiids buorren west en wienen noch altyd freondinnen. Se gienen altyd mei harren mannen en twa caravans op fakânsje mar beide mannen wienen in jier lyn stoarn. En beiden hienen se de caravan ferkocht want se woenen net allinne mei de caravan op paad. Mar op deselde beurs as wer wy west wienen hienen se deselde folder krigen fan harren hie noch dizze tinte. Sadwaande hienen sy betocht om der dan mar tegearre nei dizze camping te gean. De man fan de gûlende frou hie seeman west en "I am sailing" wie syn libbensliet, dat er faak song. Se sei dat se tocht dat se der wol tsjin koe as ik it sjonge soe, mar it wie dochs te oangripend en se fertelde har hiele libbensferhaal.

It wie noch lang gesellich dy jûn. Om twa oere kaam de campingbaas dy't frege as it sa stadich oan gjin bedtiid waard. It waard oars noait sa let op de barbecue jûn!

svdv

Brij

Jitse siet yn syn keamer fan it rêsthûs, withoeheech yn 'e loft. Hy koe oan Drylst ta sjen, om oer Easthim dan noch mar net te praten. "Bêst," sei er, "poerbêst," doe 't ik him frege hoe't it foldie."Der is fansels wolris wat, och ja.... It iten ek hear, it hoecht net better. Dat is te sizzen....It is net dat ik ûntankberbin, mar foar it bekommen krije wy hjir middeis in kopke yochert.

Ek wolris in appel of in sinesappel. Ik sil net sizze dat wy dêr gjin genôch oan ha, mar oan it lêst ta plichte Jetske noch altyd eigenhandich brij te sieden. Flesseboel wie se fij fan. Jetske koe sa brij siede. Sûpenmoallen, rizen, groatten, neam mar op. Brijnsieden lei Jetske har op ta. Dan seach se net op in healoere tiid, mar sette ek wat op 'e tafel dat brij hjitte koe. Wolle jo wol leauwe.....nee, ik bin net ûntankber....mar wolle jo wol leauwe dat ik noch faak ûnwennich bin fan Jetske har brij ? "

Jitse koe him net goed hâlde. De bûsdoek kaam der oan te pas.

Paulus Akkerman út 'Wat wie 't wat'

Ha jo it al heard

Dit is in tal aktuele stikjes dy 't opsocht en byinoar swile binne troch Jaap fan Bantegrea en wer kreas yn it Frysk delskreaun binne troch Jan fan Beets fan de krite '**Us Memmetaal**' fan Assen.

- ❖ **dat** it bekende Woudagemaal yn Teakesyl ek brûkt wurde mei as troulokaasje? Allinne net op in dei dat der in protte reinwetter falt, want dan moat it gemaal fansels mealle !
- ❖ **dat** it Fryske pompeblêd yn 'e top fan de Fryske logo's stiet? It is frij fan rjochten, sadat elkenien dat brûke mei: bakkers, slachters, skoallen, fuotbalklups, ensfh. Jo komme dy moaie reade blêden dan ek rûnom yn Fryslân tsjin
- ❖ **dat** jo hast alle jierren yn de Redbadtsjerke fan Jorwert genietsje kinne fan in prachtige eksposysje fan hilligebylden. Yn dy tsjerke kinne jo prachtige en autentike bylden besjen. Nei alle gedachten sil it yn novimber/desimber wer wêze. De hiele eksposysje is dagen dêrnei te bewûnderjen.
- ❖ **dat** it eilân Skiermûntseach oan de eastkant yn fyftjin jier al mear as twa kilometer oanwoexen is?

Sa, dat it no ek op grûn fan Grinslân leit (gem. Eemsmond). Se sitte der no mei, dat as der wat bart op dat stik fan it eilân, wa is dan ferantwurdlik?

- ❖ **dat** ús Aldehou (1529) yn Ljouwert noch aardich út it lead stiet (twa meter)
- ❖ **dat** se op 'e grins fan de Noardeastpolder en it fêstelân fan Fryslân wer in stik wetter oanlizze wolle, om de wetterstân better regelje te kinnen. Dat it al wat oan 'e lette kant is, kinne jo sjen oan 'Ús Kafee' yn Bantegea, dat troch in te lege grûnwetterstân al gâns fersakke is.
- ❖ **dat** Friezen de lokkichste minsken fan Nederlân binne? Dat is de útslach fan in ûndersyk fan de Fryske Akademy. Mar leafst 88 prosint fan de 1400 minsken dy't dêroer frege binne, seine dat se lokkich wiene. Se ha my net frege, oars hie der ien mear west!
- ❖ **dat** ienris yn de fjouwer jier de Slachtemaraton organisearre wurdt? Dy 42 kilometer lange dyk rint dwers troch Littenseradiel hinne en leit dêr al sûnt de midsieuwen. De diel-nimmers en de taskôgers wurde dan trakteearre op byldzjende keunst, dûns, teater en muzyk. Bûten de Slachtemaraton om is de Slachtedyk lykwols ek in besyk wurdich. Dat kultuerhistoaryske monumint lient him ek bysûnder goed foar kuier- of fytstochten.



It ienichste Frysktalige bûsboekje 2022 leit wer yn de boekwinkels yn tal fan plakken yn Fryslân (sjoch foar hokker plakken op it ynternet <https://busboekje.frl>) .Fan it bûsboekje 2021 binne der wer 3700 ferkocht !

De 47^{ste} edysje stiet fol mei nijsgjirrige stikjes . It tema fan 2022 is 'Diel de romte' . De priis leit op € 7,50 . Bestelle fia ús advertearder www.friese-producten.nl is ek mooglik.

ôfskie

Wêrom krij ik
 by de earste en de bêste
 bewolke jûn yn septimber
 altyd sa'n leech gefoel
 krekt as der immen fuort gien is
 dy 't nea werom komt
 en ik fergetten ha
 ôfskie te nimmen
 omdat ik net troch hie
 dat it wier foarby is

dy moaie simmer

Ytsje Hettinga

Moai sein

- * Der is gjin hope sûnder twivel, en gjin twivel sûnder hope.
- * It komt sa 't it komt, de hûn bliuwt foar de sturt.
- * Dy 't brij ite wol moat leppelje.
- * Men moat gjin gers ûnder jins fuotten waakse litte
- * It is fan de waarme bakker, sei de frou en helle in bôle út de frieske.
- * As de mûs gjin iten krijt , sil de kat net libje.
- * De hazze en de slak hawwe op 'e selde dei âldjier.

Hupsakee



Sije Westra is net in man dy't gau út 'e bân springt. Perfoarst net Altyd yn 'e ploai en noait ris royaal laitsje. Sels nei 't syn frou in pear jier lyn ferstoar, liet er syn fertriet net blike.

Sije wie doe krekt út it wurk.

Langer as fjirtich jier by de bank west, dêr't er as in pytsjepresys oanskreaun stie.

Dat er it libbenspaad allinnich

fierder moast, hat er, sa foar 't each gjin muoite mei.

Mei de hannen op 'e rêch en altyd yn in kreas pak rint er, steil rjochtop, alle dagen syn kuijerke troch it doarp.

Meast allinnich. Sije Westra hat net in soad freonen. Dat hat syn reden: yn syn útspraken is er bytiden sa skerp as in skearmes en hy is net in man om mei in oar syn gefoelens rekken te hâlden. Dat de measte minsken mije him it leafst wat. It is him wol bêst, hy hat gjin ferlet fan oare minsken.

Juster waard er út syn deistige beuzichheden helle. Moarns goed acht oere skille syn skoandochter. "Kin heit fan 'e moarn ek op Werdina passe ? It is oars myn frije dei mar der is op it wurk in wichtige fergadering en..." "Gearkomste ", kaam er dertusken, "fergadering is sa'n raar krûm wurd ".

"Eh... ja, gearkomste, dat is ek sa". Se wie der efkes ôf, mar gong doe fierder: "En dêr moat ik beslist by wêze en no is myn fêste oppas siik wurden. En Jan is ek al fuort."

Sjoch, sokke ûnferwachtste dingen hat Sije it mier oan, al liet er it diskear net blike. Mar it leafst hie er har it mannewaar ris goed opsein. Wat moasten dy froulju ek te wurkjen. Soks hoegde eartiids net. En yn dizze tiid fansels ek net. Syn soan hat in bêste baan. Mar sý moast sa nedich . Foar har 'sels - ûntploaiing' sei se lêsten. Skytmerakels. It giet gewoan om jild.

Jild foar moaie klean, de twadde auto, de fiere fakânsjes en it nije hûs.

Goed, dat moast elk sels witte mar dan moasten se net mei leuterpraatsjes fan 'selsûntploaiing', of sokssawat oankomme. Net by Sije Westra teminsten.

En no hie men dit wer. Dêr soe er net mei goed fatsoen foarwei kinne. "Toe dan mar," sei er, "al moat it gjin gewoante wurde." In goed healoere letter wiene se der. Safolle boartersguod mei, neffens Sije koe in hiele pjutteskoalle dêr wol mei ta. Mar toe mar, sa wie dat langer.

"Se hat al iten hân en ek al op 'e pot west. Heit hoecht allinnich mar op har te passen. Mei in pear oerkes bin ik hjir wer. Miskien kinne jim wol in slach om, it is moai waar en de sinne skynt." Dat sil ik sels wol regelje, tocht er, mar hy hold him diskear yn. Skoandochter wie hastich. Se joech it famke in tût. "Dach skat, leaf wêze hear." En "No doech" tsjin Sije. Se raamde de foardoar mei sa'n klap ticht, it hûs skodde derfan. Bûten stuts se noch in hân op en jage doe yn har autoke fuort.

"No moatsto mar moai boatsje, leave," sei Sije en hy struts it bern in kear oer de dûnkere kroltsjes.

"Ja pake." Se kearde yn ienkear beide plestikpûden mei boartersguod om. De flier wie besiedde mei blokjes, poppen, bisten, keunststof ringen, boekjes en kleurpotleaden.

"Do hoechst dy yn alle gefallen net te ferfelen," gnyske er. Dy irony wie oan it bern net bestege. Boppedat die eefkes letter bliken dat it net wier wie.

Sije holp har op glead mei boublokjes dêr't er in hûs en in toer fan boude.

Doe 't se dat fan him oernaam, miende er dat er it deiblêd noch wol eefkes trochsjen koe. Der stiene in pear nijsgjirrige artikels yn dêr 't er de foarige dei net rjocht oan takommen wie.

It duorre noch gjin trije minuten. Doe kaam har kopke om 'e hoeke fan 'e krante. "Piba pake." En noch in kear "Piba pake".

"Do moast boartsje leave." sei er. Dat waard neat. Se klettere by him op 'e bank. Mei in pop dy 't er besjen moast. Dêrnei helle se in bear en doe wer wat oars.

Sije lei de krante mei in sucht del. Oars moasten se dochts mar in slach om. It wie op 't lêst ek de tiid fan syn deistige kuier. en der moast ek noch boadskippe wurde. Dat koe no moai.

Doe betocht er him. Alle froulju dy 't yn 'e winkel omsloegen kamen grif op it famke tasetten. En mar lêbich dwaan. Hy hie dat wolris meimakke, in beppe mei sa'n lyts ding yn 'e winkel en yn de koartste kearen der in kloft froulju omhinne te bearen. De hiele trochgong waar blokkearre. Nee, dêr hie er gjin nocht oan. Mar in slach om, dat koe wol fansels.

De jassen kamen oan en eefkes letter rûnen se it paad del. It wie ferwûnderlik wêr't sa'n bern net each foar hie. En prate, oan ien stik wei troch. Se koe it noch mar amper, mar it mûltsje stie hast nea stil . Krekt har mem, tocht er.

Mar troch it moaie waar en it bliere berntsje njonken him wie Sije wat mylder as oars. Hy bleau stean as sy stean bleau. en dat wie faak, want der wie safolle te sjen: Fûgels yn in beam, blommen yn túntsjes, katten dy 't yn in finsterbank leine, ponys yn in kampke en in hûn. Doe't dy op har takaam pakte se har pake al eefkes by de hân. "Hy docht neat hear," sei de jongfeint dy 't achter de hûn oan kaam, freonlik.

By Sije kaam de âlde aard boppe . "Dat sizze se allegearre, mar dochts moatte jierren weroan tûzenen minsken har behannelje litte om 't se troch sa'n bist biten binne." Sa dat koe dy fint mar yn 'e bûse stekke. De jongbaas wie sa ferstannich om dêr net op yn te gean en rûn troch. Woene jo dat berntsje gerêststelle en dan krigen jo sa'n snuter fan dy âldkeardel. It famke wie de hûn al fergetten en seach we wat oars. "Pake, pake, in tjekkel " . Se wiisde nei in mânske trekker dy 't op in hiem stie.

"Wy sille der eefkes sjen," sei er. Se rûnen in slach om it ding hinne. Dêrnei tilde er har op en wiisde har it stjoer en de meterkes oan.

Doe 't se wer op hûs oangiene, fûn se wat nijs út. Yn it trottoir wiene om de safolle meter izeren deksels fan 'e rioelputsjes. Se bleau twa tellen op sa'n deksel stean en mei in "een, tee, huptee, " hipte se op 'e tegels . Dat gong sa trije, fjouwer kear.

Stokstiif op it deksel, in spronkje mei "één,tee, huptee," en dan wer fierder. Sije hie der syn stille wille om.

Mar by it fyfte deksel sei se ynienen: "En no pake."

"Dat moat mar net leave," sei er noch, mar se seach him sa leaf oan en luts him sa twingend oan 'e bokse dat hy joech ta en gong op it deksel stean. Foar de wissichheid seach er earst noch om him hinne en troch it rût fan it hûs dêr't se foar stiene. Gjin minske te sjen gelokkich.

"En no huptee," kommandearre it famke.

Hy luts de boksen tweintich sintimeter op, bûgde him wat troch de stramme knibbels, sei : "Eén, twee, hupsakee," en wipte fan it putsje. Krektyk as syn pakesizzer dien hie.

Doe waard der ynienen fûl yn 'e hannen klapt en "hoera" roppen.

Kjel seach Sije nei boppen.

Foar in iepen rût stiene trije opslûpen jonges har de bûsen út te skuorren.

"Jo kinne wol op 'e gymnastykferiening Westra," rôp ien fan 'e knapen, "dan komme jo grif mei prizen thús." En wer skateren se it út.

Sije Westra raamde syn pakesizzer by de hân en spaande mei grutte stappen fuort.

It bern koe him mei lijen byhâlde.

Ut *'Hupsakee'en oare ferhalen'* troch Anders. M. Rozendal



Frijwilligers

It is eins mar in nuvere boel
 Dat guon minsken foar it goed doel
 Ut nocht in protte dingen dogge
 En dat oaren der wat nei sjogge
 Wylst se sitten bliuwe op 'e stoel
 It woe foar no en ek foar letter
 dat folle mear in hân útstutsen
 en mei de mienskipskarre lutsen
 want net oeral is jild as wetter.

Joop Visser

Tiid

Tusken it bern
 dat longeret
 nei moarn
 en de âlde
 dy 't libbet
 yn juster
 tikket de klok
 helte hurder

Wa 't no noch
 ôfwachtet,
 is altyd te let
 om te fernimmen
 dat dit de gouden oere
 om te libjen is

Akke Wybenga

Demint

Meastal fier fuort yn in
wrâld dy 't net fan ús is
sjongt er syn psalmen
en laket om dingen dy't
allinne hy begrypt.

Wy steane bûten syn
belibbingswrâld, binne
frjemde foarbygongers
dy 't er fertelt oer
foarfallen fan eartiids.

Unfersteuerber praat
er oer it ferline
fan syn boer wêzen
oer kij, earpels en hea
dat nedich fan 't lân moat.

Elke dei belibbet er
syn eigen wederwarichheden
yn syn eigen wrâld,
soms laitsjend, soms gûlend
en foar ús net te fetsjen.

Wy harkje meastentiids mei
ferbazing nei ferhalen dy 't
fier fan ús ôf steane, dochs
prate en laitsje wy mei
elk yn ús eigen taal

Bestjoer fan de krite

foarsitter	Mefr. G.Vos - Hamstra, de Woerd 9, 7824 RA Emmen. Tel. 0591 61 03 72 e-mail: gretalammers@hotmail.com
ponghâlder	Dhr. H.B.Klijnsma, Kerkstraat 6,7854 PG Aalden. Tel.0591 62 54 03 e-mail: harm@klynsma.nl
2° ponghâlder en 'Lok en Leed' kontakt	fakatuere
skriuwer	Dhr. Sj. van der Veen, De Mars 8, 7751 SN Dalen.Tel.0524 55 28 62 e-mail: sjvdv8@gmail.com
2° skriuwer	fakatuere
bestjoerslid	Mefr. M van Huizen – Vis, Meulenhof 11, 7751 AE Dalen Tel. 0524 85 03 24 e-mail: meinyv@hotmail.com
Lede-administraasje	Dhr. H.Kloosterman, Laan vd Iemenhees 474 7823 JV Emmen. Tel 0591 62 65 92 e-mail: kloosterman.h@xs4all.nl

Kosten lidmaatskip: (2021 - 2022) € 10,= de persoan of
€ 15,= it pear. **Bankrekening:** NL 26 INGB 000 23 52 578
t.n.v Fryske Krite Súdeast - Drinte te Aalden.

Opsizzen lidmaatskip foar 1 maaie.

korreksjewurk en oersetten:	Anne Tuiten
redaksje - typewurk- layout:	Henk Kloosterman